*WMC 3 wie de tsjinstanner yn de 4e ronde fan de beker.*
*Dat ik ek noch as lieder fan de mannen optrede mocht wie fansels hielendal machtich. It wie in jûn om nea te ferjitten.*

Futsal 2 bestie dizze jûn út;
Jan-Simon, Tjeerd de Breeuw, Pieter Kammie, Skelte, Mark, Dirk-Yde en Tseard H.
De wedstriid wie noch mar krekt los doe't Tseard H. De 0-1 oantekenje liet, hy passeare de keeper yn de fiere hoek. Krekt der foar hiene de gasthearen de peal noch rekke.
Dernei barde der in skoft net safolle. It wie WMC dat it spul makke en SDS dat de harses der by hâldt, mei Jan-Simon as betroubere slútpost.
It folgjende hichtepunt wie in echte 'Zidane' oerstap fan de Breeuw. Wat in klasse en wat in skientme!
Krekt foar rest kamen we út in kounter sels op 0-2. It wie wer Tseard H. Dy't it netsje bolje liet nei't hy de bal perfekt op maat oanspile krige fan Dirk-yde.

Yn de rest ha we it der yn alle rest eften oer hand en kamen we ta de konklúzje dat we gjin gekke dingen dwaan moasten, rêstich bliuwe en lit de mannen fan WMC mar drave.
Yn earsten like dat ek te slagjen, mar doe't de loopgraven foar de goal fan Jan-Simon efen ûnderbeset wienen, makken de Winschoter opgeschoten jonges der 1-2 fan. En efen letter stie it sels 2-2.
Dat it der op oan kaam docht wol bliken út de útspraken fan Kammie en Skelte, wylst se de bank efen waarm hâlden seit Skelte 'ik wurd hjir wol warich fan'. 'Ja', seit Kammie, 'se drave as idioaten'.
Krekt foar tiid waard de druk de measten fan ús wat te heech en kamen we op in 3-2 efterstân. Moai rul fansels, mar Skelte hie toch noch wat enerzjy oer. Hy brocht de stân wer yn lykwicht troch in prachtige frije traap yn de fiere boppe hoeke.
' Dat wie in beste goal Skelte!' 'Ja? Siet hy goed?'
Strafskoppen moasten de beslissing bringe. Dat Jan-Simon syn einekoer yn'e striid brocht, wie net genôch. Mar leafst 3 fan ús skeaten tsjin de keeper, de peal as beide. En dermei giet it boek fan it bekeravontoer fan SDS 2 ticht.
Dat de mannen dernei it paad aardich bjuster wienen blykt wol út de weromreis, doe't we noch mar krekt ûnderweis wienen stiene we yn de middle of nowhere op in lânpaad. Doe binne we mar keart en dernei ek goed thús kaam.
*Lâns dizze wei wol ik de mannen fan Futsal 2 dan ek noch ris dank sizze foar it fertrouwen en it domme praat, dat makket it paad nei Winschoten oanmerklik koarter as it yn wezen is.*

(svb)

# Standanden fjildfuotbal

## SDS 1 - 2e Klasse K

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 | Oranje Nassau 1 | 15 | 38 | 41 - 10 |
| 2 | asv Dronten 1 | 15 | 38 | 43 - 14 |
| 3 | HZVV 1 | 14 | 32 | 43 - 13 |
| 4 | PKC'83 1 | 15 | 27 | 30 - 21 |
| 5 | Holwierde 1 | 14 | 26 | 27 - 17 |
| 6 | Viboa 1 | 14 | 19 | 21 - 27 |
| 7 | Staphorst 1 | 14 | 16 | 22 - 20 |
| 8 | SJS 1 | 14 | 13 | 17 - 38 |
| 9 | Noordscheschut 1 | 14 | 12 | 20 - 27 |
| 10 | BCV 1 | 15 | 10 | 12 - 33 |
| **11** | **SDS 1** | **15** | **5** | **7 - 41** |
| 12 | CVVB 1 | 15 | 4 | 12 - 34 |

## SDS 3 - 4e Klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 | Blauw Wit '34 3 | 15 | 33 | 64 - 19 |
| 2 | FC Meppel 4 | 13 | 27 | 41 - 16 |
| 3 | Rijperkerk 2 | 14 | 23 | 30 - 21 |
| **4** | **SDS 3** | **13** | **22** | **31 - 27** |
| 5 | Oeverzwaluwen 2 | 12 | 21 | 35 - 16 |
| 6 | Makkum 2 | 15 | 19 | 31 - 27 |
| 7 | SC Berlikum 2 | 13 | 17 | 25 - 38 |
| 8 | Leeuwarder Zwaluwen 4 | 13 | 16 | 30 - 37 |
| 9 | AVC 2 | 15 | 16 | 28 - 37 |
| 10 | SC Joure 3 | 13 | 13 | 23 - 37 |
| 11 | SC Franeker 2 | 14 | 1 | 10 - 73 |

## SDS 5 - 6e Klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 | Mulier 3 | 13 | 34 | 67 - 16 |
| 2 | Oeverzwaluwen 4 | 13 | 28 | 53 - 29 |
| 3 | RES 1 | 16 | 27 | 47 - 40 |
| 4 | Leeuwarder Zwaluwn 11 | 12 | 25 | 50 - 24 |
| 5 | Arum 3 | 14 | 25 | 53 - 46 |
| 6 | Bolswardia 4 | 15 | 23 | 40 - 58 |
| 7 | Zeerobben 4 | 14 | 20 | 51 - 41 |
| 8 | SC Franeker 5 | 15 | 18 | 35 - 59 |
| 9 | WWS 3 | 12 | 8 | 32 - 50 |
| **10** | **SDS 5** | **14** | **7** | **32 - 63** |
| 11 | Tzum 2 | 14 | 5 | 20 - 54 |

## SDS 2 - res.1e Klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 | d' Olde Veste'54 2 | 14 | 33 | 46 - 19 |
| 2 | The Knickerbockers 3 | 15 | 33 | 57 - 34 |
| 3 | Noordscheschut 2 | 15 | 31 | 29 - 20 |
| 4 | Heerenveense Boys 2 | 15 | 30 | 47 - 16 |
| 5 | Urk 3 | 15 | 29 | 50 - 22 |
| 6 | LTC 2 | 14 | 18 | 34 - 33 |
| 7 | HZVV 2 | 15 | 18 | 27 - 40 |
| 8 | CVVO 2 | 14 | 14 | 25 - 36 |
| **9** | **SDS 2** | **13** | **13** | **16 - 36** |
| 10 | Olympia'28 2 | 15 | 12 | 21 - 36 |
| 11 | ACV 3 | 15 | 9 | 25 - 67 |
| 12 | SC Genemuiden 3 | 14 | 6 | 21 - 39 |

## SDS 4 - 5e Klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 | Oeverzwaluwen 3 | 12 | 26 | 43 - 27 |
| 2 | SSS'68 2 | 13 | 23 | 41 - 31 |
| 3 | Rood Geel 3 | 13 | 21 | 51 - 41 |
| 4 | Hielpen 2 | 13 | 20 | 39 - 28 |
| 5 | Makkum 3 | 11 | 18 | 46 - 31 |
| **6** | **SDS 4** | **11** | **15** | **26 - 27** |
| 7 | Arum 2 | 11 | 14 | 36 - 31 |
| 8 | Leeuwarder Zwaluwen 9 | 11 | 14 | 22 - 23 |
| 9 | Lions'66 2 | 10 | 9 | 26 - 48 |
| 10 | Stormvogels'64 1 | 13 | 4 | 18 - 61 |

## SDS A1 - 1ste klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 | Zeerobben A1 | 16 | 34 | 53 - 26 |
| 2 | Balk A1 | 16 | 32 | 64 - 21 |
| 3 | St.Annaparochie A1 | 15 | 31 | 48 - 21 |
| 4 | Nijland A1 | 14 | 28 | 39 - 27 |
| 5 | Jeugd Vetbal Bolsward A1 | 15 | 22 | 29 - 38 |
| 6 | Udiros A1 | 14 | 21 | 31 - 31 |
| 7 | Heerenveen A2 | 16 | 21 | 32 - 32 |
| **8** | **SDS A1** | **14** | **18** | **36 - 28** |
| 9 | Gorredijk A1 | 15 | 18 | 26 - 35 |
| 10 | Makkum A1 | 15 | 16 | 31 - 47 |
| 11 | AVC A1 | 14 | 10 | 17 - 37 |
| 12 | Heerenveense Boys A2 | 14 | 2 | 15 - 78 |

## SDS A2

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 | Sneek Wit Zwart A2 | 13 | 36 | 68 - 16 |
| 2 | B BCV Combe A3 | 11 | 30 | 57 - 16 |
| 3 | LSC 1890 A2 | 10 | 16 | 28 - 30 |
| 4 | CSL A2 | 13 | 16 | 30 - 33 |
| 5 | ONS-TOP'63 A3 | 11 | 13 | 25 - 35 |
| **6** | **SDS A2** | **11** | **10** | **25 - 38** |
| 7 | SC Joure A3 | 11 | 8 | 32 - 55 |
| 8 | Jeugd V Bolsward A2 | 12 | 6 | 21 - 63 |

## SDS B2

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 | Bergum BCV Combtie B1 | 14 | 34 | 75 - 18 |
| 2 | Zeerobben B1 | 12 | 28 | 58 - 18 |
| 3 | RES B1 | 13 | 22 | 36 - 28 |
| 4 | St.Annaparochie B1 | 14 | 22 | 45 - 24 |
| 5 | Makkum B1 | 14 | 19 | 32 - 42 |
| 6 | Sneek W Zt Combitie B1 | 13 | 17 | 37 - 28 |
| 7 | Balk B1 | 11 | 15 | 20 - 24 |
| 8 | CVVO B1 | 12 | 13 | 31 - 48 |
| 9 | Jeugd V Bolsward B2 | 13 | 12 | 19 - 41 |
| **10** | **SDS B1** | **13** | **10** | **12 - 61** |
| 11 | Renado/VVI B1 | 13 | 7 | 33 - 66 |

## SDS C1 - 2e Klasse I

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 | Leeuwarder Zwal C1 | 14 | 37 | 83 - 24 |
| 2 | Foarut C1 | 13 | 35 | 75 - 6 |
| 3 | Scharnegoutum'70 C1 | 14 | 32 | 43 - 19 |
| 4 | JVC Nylan 2000 C1 | 15 | 28 | 75 - 40 |
| **5** | **SDS C1** | **11** | **25** | **75 - 19** |
| 6 | Nijland C1 | 13 | 21 | 67 - 44 |
| 7 | SC Berlikum C1 | 13 | 18 | 34 - 34 |
| 8 | Harlingen C1 | 15 | 15 | 24 - 52 |
| 9 | Rood Geel C2 | 11 | 6 | 26 - 76 |
| 10 | Blauw Wit '34 C2 | 12 | 6 | 12 - 58 |
| 11 | Makkum C1 | 10 | 4 | 17 - 44 |
| 12 | SC Franeker C2 | 15 | 3 | 16 - 131 |

## SDS C2 - 3e Klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 | Oldeholtpade C1 | 13 | 33 | 54 - 28 |
| 2 | Renado/VVI C1 | 10 | 28 | 72 - 9 |
| 3 | Irnsum C1 | 11 | 26 | 79 - 23 |
| 4 | Read Swart C1 | 11 | 21 | 65 - 32 |
| 5 | Oudehaske C1 | 11 | 15 | 32 - 35 |
| **6** | **SDS C2** | **14** | **15** | **34 - 59** |
| 7 | GAVC C2 | 11 | 12 | 29 - 43 |
| 8 | CVVO C2 | 9 | 7 | 15 - 38 |
| 9 | Akkrum C1 | 13 | 6 | 16 - 74 |
| 10 | DWP C1 | 11 | 3 | 20 - 75 |

## SDS D1 -2de klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 | FVC D1 | 14 | 39 | 70 - 17 |
| 2 | SC Franeker D1 | 14 | 36 | 99 - 9 |
| 3 | Zeerobben D1 | 14 | 36 | 77 - 17 |
| 4 | Leeuwarden D1 | 14 | 25 | 48 - 26 |
| 5 | Drachtster Boys D2 | 14 | 23 | 32 - 45 |
| 6 | Stiens D1 | 15 | 20 | 26 - 33 |
| 7 | St.Annaparochie D1 | 13 | 19 | 32 - 47 |
| **8** | Leeuwarder Zwal D1 | 14 | 15 | 37 - 52 |
| **9** | **SDS D1** | **15** | **12** | **24 - 66** |
| 10 | TTBC D1 | 14 | 8 | 19 - 45 |
| 11 | Dronrijp D1 | 14 | 8 | 24 - 58 |

De nij yndielde jeugdalvetallen hawwe noch mar ien of twa wedstriden spile. It hat gjin sin om dy allegear te fermelden. Wa't in aktuele stân witte wol kin terjochte op www.vv-sds.nl bij senioren of junioren.

# Standanden futsal

## SDS 1 - 1ste Klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 Exstador 1 | 16 | 46 | 102- | 39 |
| 2 zvv Urk 2 | 20 | 43 | 95 - | 60 |
| 3 ZVF 1 | 19 | 35 | 68 - | 59 |
| 4 FFS 1 | 19 | 34 | 113- | 91 |
| 5 Leeuwarden 1 | 22 | 34 | 83- | 84 |
| 6 Old Forward 1 | 20 | 31 | 97- | 90 |
| **7 SDS 1** | **21** | **27** | **71-** | **81** |
| 8 Ens 1 | 20 | 24 | 89- | 87 |
| 9 Golden Oldies 1 | 22 | 22 | 78- | 114 |
| 10 Avanti 2 | 21 | 20 | 85- | 96 |
| 11 Heerenveen 2 | 20 | 13 | 74- | 91 |
| 12 Futsal Club Leeuwarden 2 | 22 | 13 | 63- | 126 |

## SDS 2 - 2e Klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 ZVH 1 | 15 | 37 | 76- | 31 |
| **2 SDS 2** | **15** | **33** | **76-** | **30** |
| 3 Haskerland 1 | 16 | 28 | 77- | 51 |
| 4 ZVVS 2 | 16 | 25 | 59 - | 52 |
| 5 Renado 1 | 12 | 22 | 46- | 34 |
| 6 SC Genemuiden 1 | 11 | 17 | 49- | 41 |
| 7 Old Forward 2 | 15 | 15 | 49 - | 85 |
| 8 Flevo Boys 1 | 13 | 12 | 45- | 57 |
| 9 Heerenveen 3 | 13 | 11 | 26- | 55 |
| 10 Workum 2 | 14 | 4 | 30- | 97 |

## SDS 3 4de klasse

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 Workum 6 | 20 | 43 | 115- | 69 |
| 2 Langweer 1 | 19 | 40 | 137- | 86 |
| 3 LSC 1890 3 | 17 | 37 | 116- | 69 |
| 4 Workum 7 | 18 | 36 | 108- | 59 |
| 5 RES 5 | 16 | 24 | 89- | 84 |
| **6 SDS 3** | **20** | **24** | **94-** | **98** |
| 7 WZS 7 | 16 | 23 | 75- | 82 |
| 8 WZS 6 | 18 | 19 | 71- | 111 |
| 9 Haskerland 8 | 18 | 18 | 101- | 137 |
| 10 Haskerland 7 | 18 | 15 | 74- | 133 |
| 11 Bolswardia 2 | 16 | 14 | 79- | 91 |
| 12 RES 4 | 16 | 13 | 63- | 103 |

Mei noch in pear wedstriden te spyljen steane de trije futsalteams fan SDS der aardich bij. Mei SDS 2 gie it sels hiel goed. It liket in kreas twadde plakje op te leverjen.
Foar sa fier bekind binne de folgende wedstriden noch pland foar april

| | | | |
|---|---|---|---|
| 03-Apr-2006 | 20:30 | ZVH 1 - **SDS 2** | Prinsenhof, De |
| 05-Apr-2006 | 20:00 | **SDS 1** - ZVF 1 | Greidhoeke, De |

# Reklame

Ek by SDS is de kommersje tige wichtich. Fuotbaljen kostet ommers jild en dat kin net allinne opbrocht wurde troch de leden. De fjilden moat ûnderhâlden wurde, der moat ballen wêze, de sjurts moat útwosken wurde, der moat nei útwedstriden riden wurde en noch folle mear.

Op de tillevysje kin je by it fuotbaljen by tiden wol gek wurde fan al dy kommersje. B.f. op Talpa hawwe je de iene samenvatting noch net sjoen of der komt alwer reklame. Kabaretier Theo Maassen hat der yn syn nijste stik in moai antwurd op. We skaffe de reklames ôf en dan sponsorje wy foartaan de spilers. Yn de samenvatting van PSV wurdt dan net langer praten oer André Ooijer en Philips Cocu. It wurdt dan: Andrélon Ooijer en Philips Cocu.

Miskien is dit foar SDS ek in idee. Enne Jehannes hoecht dan sneontemoarns betiid ek gjin reklamebuorden mear op te hingjen. Op de webside fan SDS kinne wy it foartaan wol hawwe oer:

Sjoerd van Beemsterkaas






Lieuwe van der Brugman Keukens



WiSAT Deinum

Sa binne der fansels noch mear lykas:
- Janssen Sport Stenekes
- Jelle de Appelboer
- ensfh.

# Doelpuntenmakkers




(Ype Tiemersma)

It skoaren gie dit jier yn de measte alvetallen wat muoisum. Mar nei de winterstop giet it better.
Sa binne de measte alvetallen goed fertsjintwurdigige yn de top fan de list. Ype docht it mei 14 prima, mar ek Wichard Deinum, Willem Wijnia, Harm Auke Dijkstra en Bas de Haan binne noch hielendal útskeakele foar de "trofee".
Opfallend mei 4 doelpunten is Eeltsje Postma. De A-2 spiler hat al in pear kear mei de grutte jonges dien en skoorde al 4 kear.
De topskoorder fan SDS 1, Hendrik de Jong stiet no ek op trije doelpunten.

| | | sds | totaal |
|---|---|---|---|
| Ype | Tiemersma | IV | 14 |
| Wichard | Deinum | III | 10 |
| Willem | Wijnia | II | 8 |
| Harm Auke | Dijkstra | III en V | 8 |
| Bas | de Haan | V | 8 |
| Albert Jan | Joustra | III | 6 |
| Gerard | Posthumus | III V | 5 |
| Willem | Veenstra | V | 5 |
| Pieter | Kamstra | II | 4 |
| Stefan | Krimpen | II | 4 |
| Hjalmar | Ruiter | III en IV | 4 |
| Roel | Sijbesma | IV | 4 |
| Eeltsje | Postma | IVenV | 4 |
| Tiemen | Vermeulen | V | 4 |
| Johannes | Dotinga | V | 4 |
| Hendrik | De Jong | I | 3 |
| Folkert R. | Vellinga | IV | 3 |
| Douwe | Kool | IV en V | 3 |
| Durk | Okkema | IV en V | 3 |
| Dirk Yde | Sjaarda | I | 2 |
| Ruurd | Boorsma | II | 2 |
| Gerlof | Veldstra | II en III | 2 |
| Anco | Elgersma | III | 2 |
| Jeroen | Wagenaar | III | 2 |
| Jelmer van der | Valk | V | 2 |
| Floris | Hiemstra | I | 1 |
| Feite | De Haan | I | 1 |
| Robert | Hoekstra | II | 1 |
| Jan | Stenekes | II | 1 |
| Jentsje | Jorritsma | III | 1 |
| Auke | Hiemstra | III | 1 |
| Sybren | Nauta | III | 1 |
| Remco | Bervoets | III | 1 |
| Klaas | Visser | IV | 1 |
| Ids | Boersma | IV | 1 |
| Pytrik | Hiemstra | IV | 1 |
| Jelle | De Boer | IV | 1 |
| Pytrik | Hiemstra | IV | 1 |
| Jildert | Hylkema | IV | 1 |
| Friso | Albada | IV | 1 |
| Rudy | Dijkstra | V | 1 |
| Gerlof Jan | Hofstra | V | 1 |
| Bas | van der Wey | V | 1 |
| Jacob Sjirk | Joustra | V | 1 |

## Ut de âlde doaze



Op 22 maaie yn 1993 spile SDS in freonskiplike wedstryd tsjin sc Hearrenfean. Wij hawwe krekt lyn de prachtige foto fan doe mei dêrop de seleksjes fan SDS en sc Heerenveen op ús hiemside setten. Yn de folgende Treffer wolle wij de foto pleatse mei alle nammen derbij.

Nei de wedstryd hie it Treffer redaksjelid Hinke Kuiper in interfjoe mei Fritz Korbach. De selde Korbach dy't dus 13 jier letter ek yn de kantine wie om efkes te praten oer syn karriere. Hij seach der doe yn alle gefallen aardich frisser út.



En omdat dizze foto sa leuk is en út de alderâldste doaze komt litte wij noch ris sjen hoe't it allegear begûn is yn Easterein

# Stân SDS-League per 22 maart

| Stand | Vorige stand | Naam team: | Coach: | Woonplaats: | Week 5 | Week 6 | Week 7 | Totaal | Prijzen |
|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|
| 1 | 1 | First Choice | M.P. | Wommels | 23 | 29 | 18 | 255 | € - |
| 2 | 2 | De fûgelflappers | S.d.S. | Skrok | 20 | 20 | 19 | 245 | € 12,00 |
| 3 | 4 | De Farobies | L.d.J. | Lollum | 33 | 21 | 22 | 240 | € 4,00 |
| 4 | 7 | Rockin' in the free world | L.H. | Wommels | 22 | 33 | 23 | 240 | € - |
| 5 | 9 | VV-WITNIX! | R.S. | Wommels | 22 | 28 | 23 | 238 | € - |
| 6 | 3 | Klussen is mijn leven | A.F.d.B. | Wommels | 34 | 30 | 17 | 237 | € - |
| 7 | 8 | A1-Toegift | J.S. | Wommels | 24 | 19 | 22 | 237 | € - |
| 8 | 13 | SCF | M.H. | Easterein | 44 | 20 | 32 | 236 | € 6,00 |
| 9 | 6 | Nieuw Noord Boys | G.P. | Wommels | 26 | 23 | 17 | 234 | € - |
| 10 | 5 | FC Broja | B.J.G. | Wommels | 24 | 16 | 16 | 233 | € - |
| 11 | 10 | De Knapste Jonges | A.en P.W. | Wommels | 30 | 14 | 16 | 230 | € 12,00 |
| 12 | 15 | Eastender Nightmares | S.T.W. | Easterein | 27 | 20 | 28 | 229 | € - |
| 13 | 21 | Harm Bergsma | H.B. | Easterein | 40 | 21 | 31 | 227 | € - |
| 14 | 12 | Dit is 1 | D.K. | Easterein | 20 | 18 | 20 | 225 | € 12,00 |
| 15 | 14 | RRW | R.W. | Wommels | 35 | 24 | 22 | 225 | € - |
| 16 | 11 | Pieter Kamstra | P.K. | Easterein | 25 | 22 | 18 | 224 | € - |
| 17 | 28 | Stichting Skoallesealze | M.H. | Easterein | 28 | 18 | 33 | 223 | € - |
| 18 | 23 | FC Snoek | U.D. | Winsum | 31 | 35 | 25 | 220 | € 12,00 |
| 19 | 16 | FC Munnaps | B.S. | Spannum | 19 | 21 | 16 | 217 | € - |
| 20 | 27 | De Neibouwers | P.W. | Wommels | 22 | 16 | 26 | 216 | € - |
| 21 | 19 | De Hulsmus | D.Y.S. | Easterein | 23 | 17 | 17 | 215 | € - |
| 22 | 26 | Feite | F.d.H. | Easterein | 23 | 12 | 23 | 214 | € 4,00 |
| 23 | 17 | De Cornelissen | K.A. | Grins | 22 | 34 | 13 | 213 | € - |
| 24 | 22 | Tom Pieter and the Heartbreakers | T. en P.W. | Wommels | 23 | 26 | 17 | 212 | € - |
| 25 | 24 | Ruurd Boorsma | R.B. | Bolsward | 22 | 28 | 18 | 211 | € - |
| 26 | 33 | HAJEE-ESCEE | H.H. | Snits | 34 | 19 | 25 | 211 | € - |
| 27 | 34 | FC Pieckenhagen | R.S. | Easterein | 16 | 17 | 24 | 209 | € - |
| 28 | 18 | FC ASP | A.P. | Wommels | 35 | 24 | 8 | 207 | € - |
| 29 | 20 | Rienk Wiersma | R.W. | Itens | 35 | 18 | 9 | 206 | € - |
| 30 | 29 | Durk Okkema | D.O. | Easterein | 37 | 16 | 17 | 206 | € - |
| 31 | 31 | VV Aan de Thee | FTvSen.JvdW | Scharnegoutum | 17 | 18 | 17 | 205 | € 4,00 |
| 32 | 35 | FC ? | A.T.d.V. | Mantgum | 23 | 22 | 20 | 205 | € - |
| 33 | 25 | Foarhinne Ponghâlder FC | P.W. | Wommels | 38 | 18 | 10 | 202 | € - |
| 34 | 30 | Op roai en goai | K.W. | Wommels | 29 | 17 | 13 | 202 | € - |
| 35 | 32 | Strikkies | G.S. | Exmorra | 31 | 14 | 11 | 198 | € - |
| 36 | 37 | A.Stienekes | A.S. | Wommels | 24 | 18 | 22 | 198 | € - |
| 37 | 40 | v.d.Kamp Sports | O.v.d.K. | Oudega(W) | 25 | 19 | 22 | 194 | € - |
| 38 | 39 | SDS A1 op naar de top | F.B. | Easterlittens | 21 | 11 | 19 | 192 | € - |
| 39 | 41 | Kapitein | H.P. | Wommels | 26 | 27 | 20 | 191 | € - |
| 40 | 36 | P.S.V. Eindhoven | H.A.D. | Easterein | 44 | 20 | 10 | 189 | € 6,00 |
| 41 | 43 | De Top Drie | T.d.J. | Lollum | 37 | 8 | 24 | 189 | € - |
| 42 | 45 | The Butchers | L.B. | Easterein | 21 | 9 | 25 | 189 | € - |
| 43 | 44 | FC Grasmat | E.d.B. | Easterein | 26 | 21 | 20 | 185 | € - |
| 44 | 38 | Hoe fier komt Pier ? | P.F. | Easterein | 20 | 25 | 9 | 184 | € - |
| 45 | 42 | Super Solo de Boer | E.d.B. | Easterein | 23 | 24 | 14 | 183 | € - |
| 46 | 46 | Hey Ho Let's Go | W.W. | Wommels | 37 | 20 | 19 | 182 | € - |
| 47 | 49 | November Rain | G.A.T. | Easterein | 23 | 13 | 23 | 181 | € - |
| 48 | 54 | Flyer | T.d.B. | Easterein | 8 | 21 | 27 | 180 | € - |
| 49 | 48 | Easpânne | M.B. | Easterein | 26 | 21 | 18 | 179 | € - |
| 50 | 51 | Fons en ik | G.J.H | Wommels | 14 | 24 | 25 | 179 | € - |
| 51 | 52 | No komme de pipen út de sek! | I.d.B. | Easterein | 25 | 9 | 26 | 179 | € - |
| 52 | 47 | Chris Postma | C.P. | Wommels | 26 | 16 | 14 | 176 | € - |
| 53 | 56 | Zero Tolerance | B.v.d.W. | Easterein | 8 | 15 | 27 | 176 | € - |
| 54 | 55 | Op naar de top | M.F. | Easterein | 0 | 25 | 21 | 174 | € - |
| 55 | 57 | P. van P. | P.L.v.d.V. | Wommels | 14 | 21 | 24 | 173 | € - |
| 56 | 61 | FC Schettens | S.F. | Bolsward | 24 | 20 | 25 | 171 | € - |
| 57 | 50 | O.G.G. | L.H. | Easterein | 25 | 15 | 11 | 169 | € - |
| 58 | 60 | Schnitzel's Skoppers | G.v.A. | Easterein | 17 | 16 | 21 | 167 | € - |
| 59 | 53 | De 11 toppers van Johan | J.D. | Wommels | 10 | 14 | 13 | 166 | € - |
| 60 | 58 | Op sich de beste ploeg | F.B. | Easterlittens | 15 | 21 | 19 | 166 | € - |
| 61 | 62 | Skrok 11 | J.d.B. | Easterein | 23 | 23 | 20 | 166 | € - |
| 62 | 59 | Reservoir Dogs | R.D. | Wommels | 17 | 5 | 16 | 162 | € - |

| | | | | | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|
| 63 | 64 | Partij van feest | G.V. | Wommels | 30 | 9 | 19 | 162 | € - |
| 64 | 67 | De Lama's | E.P. | Wommels | 16 | 9 | 23 | 162 | € - |
| 65 | 75 | Dennis en Josje | DD en JZ | Wommels | -2 | 4 | 35 | 160 | € 12,00 |
| 66 | 63 | BV Veendam | B.G. | Grine | 23 | 12 | 14 | 158 | € - |
| 67 | 65 | Spoorloos | Y.T. | Wommels | 9 | 18 | 14 | 156 | € - |
| 68 | 66 | SC Hichtum | J.H. | Hichtum | 31 | 13 | 15 | 156 | € - |
| 69 | 71 | Bafana Bafana | S.W. | Wommels | 7 | 16 | 24 | 156 | € - |
| 70 | 69 | Al Bundy makes another touchdown | S.v.B. | Wommels | 14 | 24 | 20 | 155 | € - |
| 71 | 78 | SC Sebeare-ein | J.d.B. | Easterein | 6 | 11 | 29 | 151 | € - |
| 72 | 68 | Winsum United | G.D. | Winsum | 22 | 18 | 14 | 149 | € - |
| 73 | 72 | Jelsmanian Devils | J.S.J. | Easterein | 16 | 14 | 17 | 146 | € - |
| 74 | 70 | De Rotterdammer | S.v.K. | Easterein | 8 | 5 | 12 | 144 | € - |
| 75 | 73 | Soe it helpe? | H.E. | Spannum | 24 | 3 | 16 | 144 | € - |
| 76 | 74 | Manchester United | J.K. | Easterein | 9 | 12 | 14 | 142 | € - |
| 77 | 76 | De útstrûpers | M.W. | Wommels | 24 | 19 | 16 | 140 | € - |
| 78 | 77 | T.Z.N.(Team Zonder Naam) | S.K. en S.B. | Easterein | 12 | 11 | 16 | 139 | € - |
| 79 | 79 | Jeroen | J.B. | Wommels | 24 | 4 | 20 | 132 | € - |
| 80 | 80 | Team Kooistra | H.K. | Easterein | 18 | 9 | 20 | 127 | € - |
| 81 | 81 | Pik Andijvie | F.en S.S. | Easterein | 15 | 8 | 22 | 125 | € - |

It sjit alwer aardich op mei de SDS League. Wy binne ynmiddels alwer by wike 7 en dus al oer de helte.



It wienen de ôfrûne wike hiel ferrassend Dennis en Josje(DD en JZ) dy 't de wykpriis pakten. 2 wiken werom slaggen sy der noch yn om yn in wike min 2 punten te pakken en forige wike hienen sy mar 4 punten. Sy hawwe harren fêst opladen foar ôfrûne wykein want no pakten sy mei 35 punten en in romme foarsprong(2 punten) de wykpriis. Fan herte!



Wy hawwe it meastentiids allinne mar oer de wykpriiswinners. Hjir no efkes it listje mei de teams dy 't de ôfrûne wiken "ferliezers fan de wike" wienen.

**"Ferliezers fan 'e wike":**

1. Dennis en Josje(DDen JZ) –2 pnt.
2. Op Naar de Top(MF) 0 pnt.
3. Kapitein(HP) 3 pnt.
4. Soe it helpe(HE) 3 pnt.
5 Dennis en Josje(DD en JZ) 4 pnt.
6. Winsum United(GD) 8 pnt.
7. FC ASP(AP) 8 pnt.
8. De útstrûpers(MW) 10 pnt.

Welke spilers moat je hawwe om it sa min te dwaan? Wierskynlik sit ien of mear fan dizze spilers by dizze coaches yn it team:

**Welke spilers falle wat tsjin?**

* Dingsdag(VIT) –10 pnt.
* Wapenaar(VIT) –2 pnt.
* Sneijder(AJA) 0 pnt.
* Babos(NEC) 3 pnt.
* Arveladze(AZ) 10 pnt.
* Landzaat(AZ) 8 pnt.

First Choice(MP) stiet boppe-oan yn de SDS League. Hy wurdt op 10 punten folge troch De Fûgelflappers fan Sibe de Seefûgel. Wat foar spilers hawwe sy der no yn dat sy it sa goed dogge? Sy sille yn elts gefal inkelde spilers út dit rygje hawwe:

**Wa binne de toppers yn dizze SDS League?**

1. Huntelaar(AJA) 48 pnt.
2. Boschker(TWE) 43 pnt.
3. Farfán(PSV) 41 pnt.
4. Heubach(TWE) 41 pnt.
5. Vermaelen(AJA) 38 pnt.
6. Zomer(TWE) 37 pnt.
7. Kuijt(FEY) 36 pnt.
8. Vennegoor(PSV) 35 pnt.
9. Bakircioglu(TWE) 34 pnt.
10. Gomes(PSV), Kalou(FEY) en Rosenberg(AJA) 33 pnt.

Der binne no noch 5 kompetysje-ronden te gean. It kin dus alle kanten noch op!?

De wykpriiswinners kinne binnenkoart harren prizenjild op harren rekken weromfine.

Sjoch foar de nijste stân eltse wike op www.vv-sds.nl!

(WW)

# Nij skoreboerd

Foar 4 wiken werom hat Rienk Wiersma it nije skoreboerd ophelle út Akersloot. Hy hat it doe by de Fa. Couperus brocht. Sy binne de ôfrûne wiken oan 'e gong west mei de konstruksje. Der liket al aardich skot yn te sitten want de ferwachting is dat it skoreboerd binnen 2 wiken te plak stean sil. Dan kinne jim fêst ek de foarkant fan it nije skoreboerd besjen. Hjir alfêst de efterkant



# Rijkaard adfiseur SDS ?

Dirk-Yde Sjaarda en syn sus Wilma hawwe lêsten wike by Barcelona-Getafe west. In ûnferjitlike erfaring fansels. Wy hawwe in oantal bysûndere foto's krigen.

*Ronaldinho herkent Dirk-Yde en wuift efkes............*





*Messi wie hastich*



*Frank Rijkaard ûndertekent it kontrakt as adviseur fan SDS.*

# Oan it wurd

*Dizze kear is Remco Bervoets oan it wurd. In fuotbalbist yn ier en sinnen. As fuotballer en as trainer hat er in skat oan erfaring. Tsjinwurdich is er in fertsjinstelik spiler fan SDS3.*

**It begjin.**
'Ik wie 7 jier doe't ik begûn, by CSL yn Stiens. Dat gie aardich, yn de C en B junioaren bin ik faak ris mei de Fryske jeugdseleksjes op paad west. Op myn 17e kaam ik by it 1e, wêr't se my earst op de rjochtsbûten delsetten. It duorre efen, mar doe kaam ik definityf sintraal efteryn, der wêr't ik yn de jeugd ek altyd stie.
Op myn 21e krige ik in baan by de gemeente Littenseradiel, yn die tiid moasten je noch yn de gemeente sels wenje as je der foar wurkje woenen. Doe bin ik lid wurden fan SDS'.



**De knibbel.**
'Op myn 20e bin ik troch de knibbel gien. In wier djiptepunt, want oant de dei fan hjoed ha ik der lest fan. Ik mis beide meniscussen, de foarste krúsbannen en ha slitaazje yn it kraakbeen.
Moast my sneins net sjen as ik út bêd kom, ik moat my fest haalde oan alles dêr't ik lâns rin. Eins kin ik better net mear fuotbalje, mar ik kin it net litte'.

**It trainerskip.**
'Doe't ik 28 jier wie, bin ik begûn mei it folgjen fan oefenmeester 3, folge troch oefenmeester 2. Om te begjinnen mocht ik de A1 fan SDS traine, dat wie in moaie tiid mei mannen as Jeroen Brouwer, Feite de Haan en Johan Molemaker. Dernei bin ik nei CAB gien, as haad jeugdtrainer. Dat



wie gjin sukses. De klup en ik pasten nei by elkoar.
Fan 1998 of ha ik 2 jier trainer west fan Sparta Deinum, in 5e klasser yn de sneinskompetysje. We binne 2 kear 2e wurden. Dernei waard ik der wol oansprutsen mei 'Joop Zoetemelk'.

Nei myn tiid yn Deinum bin ik as spiler werom kaam by SDS, ûnder Kees Jansen ha ik noch 5 kear yn it 1e

spile, op 2e klasse nivo, mar meastentiids wie ik spiler fan it 2e. Op in stuit waard ik belle troch Minnertsgea. Eins hie ik gjin nocht, mar se hiene san goed ferhaal dat ik eins net wegerje koe. Dat is in goede set west, want ik ha der in prachtich tiid hand. De promoasje nei de 3e klasse wie in grut hichtepunt. Dat we dernei daliks wer degradearen wie spitich. Minnertsgea is in moaie klup, wol wat te fergelykjen mei SDS'.

**SDS 3.**
'Wichard hat my belle as ik noch in tiidsje mei him, Jappie en Wouter balje woe. We ha in moaie ploech, ik genietsje der fol fan. We ha in soad wille en fuotbalje op in goed nivo'.

**Dyn SDS super alve:**

| | | |
|---|---|---|
| | Egbert Bootsma | |
| Wichard Deinum | Feite de Haan / Wouter Hylkema | Jan Weijer |
| Harm Stremler | Gert-Jan Hiemstra | Floris Hiemstra |
| Robert Sijbesma | Jappie Wijnia | Klaas Okkema |

Trainers:
Henk Buning / Hylke de Vries
Wiksels:
Tsjeerd Dijkstra, Peter Sijbesma, Gerrit Terpstra.

(svb)




Sommige supporters koene it net allegear oansjen tidens de wedstryd SDS- Dronten. Safolle kânsen en sa'n bytsje doelpunten fan SDS.

# Trefferkes

**300.000 besikers**
It giet goed mei de webside fan SDS. Foarige wike hawwe wy alwer de 300.000^e besikers wolkom hjitte kinnen. Sjoch ek ris op www.vv-sds.nl!

**Programma oanpast**
De KNVB hat y.f.m. de folle ôflaste wedstriden fan de lêste tiid it wedstrydskema wat oanpast. Op de lêste side fan dizze Treffer kinne je it nije programma foar SDS 1 fine. Opfallend is dat de kompetysje mei ien wike ferlengd is. De lêste (thús) wedstryd is no op sneon 13 maaie.

**Dat kin net!**
Sjoerd Rispens giet fan't simmer (15, 16, 17 juny) mei syn klasgenoaten nei Kreta. Se krije fan skoalle de kâns om harren stúdzje der nei in noch heger plan te tillen.
Ideaal soene je tinke. Mar doe't Fons te hearren krige dat dan ek de Wommelser feesten op it programma steane, waard it goede gefoel hurd oars. Syn humor gelokkich net;
*"Dat ik net op de Wommelser feesten bin, is krekt lyk as dat Sinteklaas op 5 desimber der net is!"*

**Foto Ajax-boerd**
Al jieren hinget der by it SDS-fjild in reklameboerd mei de tekst: "Ajax-supporters steunen SDS". Doe dit boerd der kaam te hingjen is der in foto makke fan dit boerd mei de Ajax-supporters dy 't dit mooglik makken. Wa wit wa 't dizze foto hat? Lit is ús efkes witte!

**Swarte list**
It is al wer twa Treffers lyn dat elkenien in briefke krige mei in oprop dat briefke en in pasfoto yn te leverjen bij Eddy of Aant. Noch altiten hat net elkenien dat dien. Dat soe betsjutte kinne dat je ynkoarten op "de swarte list" komme. En dat moatte je dochs net graach wolle. Dat dy list ek noch op ynternet komt te stean, moat no in reden wêze om mei sa'n hasten oan je ferplichtingen te foldwaan.

**Hús te keap**
Evert Tanja, de fêste skiedsrjochter fan SDS 5 wennet no yn Easterein mar hij ferhuzet nei Wommels, wat wij fansels hiel goed begripe kinne. Hij moat syn eigen hûs noch kwyt en frege him ôf at hij de goeie priis wol yn de holle hat. Tidens de wedstryd SDS 5 tsjin Bolswardia 4 oerlei hij mei sommige spilers. At se troch dat geeamel ferlern hawwe mei 0-3 is noch net dúdlik.

**Opfallend**
By SDS 1 stie yn de twadde helte fan de oefenwedstryd tsjin Wykels/Hallum in opfallende keeper op de goal. Remco Brouwer wie blesseard útfallen sadat nei de rêst in spiler op goal moast. Feite de Haan offere him mar op. Hy hat ommers ek wat erfaring mei it keepen. Earder dit seizoen stie hy yn de seal ûnder de latte by SDS 1.

**Aardich op skot**
Dirk Yde Sjaarda hat dit seizoen mei nammen yn de seal it fisier aardich op skerp stean. Hy makke dit seizoen al 53 doelpunten. 44 by SDS 2 en 9 by SDS 1.

**Op Eurosport**

Us korrespondinten út Mantgum (de hearen O. en S A.) segaen dit opmerklike byld op Eurosport. Wij ha nea witten dat Geert in twillingbroer hat.




**Jubileum 60 jier SDS**

Folgend jier bestiet SDS 60 jier. Dit is in feestje wurdich. It jubileum sil hâlden wurde op sneon 25 augustus 2007.

De earste foarbereidingen binne alfêst troffen. Dukke van der Weij, Meinte Wesselius, Akke de Haan en Popko Wijnia sitte yn de jubileumkommisje.

Hat immen in idee foar it jubileum of wol dy oars wat kwyt mail(popkowijnia@planet.nl) of skilje(0515332315) dan efkes nei Popko Wijnia.

# Aginda

| Wannear | Wat | wêr |
|---|---|---|
| Sneon 1 april<br>om 18.30 | BCV 1 – SDS 1<br>mei de bus der hinne! | Burgum |
| Woansdei 5 april<br>om 20.00 | Futsal: SDS 1 – ZVF 1 | De Greidhoeke |
| Freed 7 april<br>om 20.00 oere | Frijwilligersjûn de Skoalleseize | De Skoalleseize |
| Sneon 8 april<br>om 12.15 en 14.30 | SDS 1 – Noordscheschut 1<br>SDS 2 – Noordscheschut 2 | De Skoalleseize |
| Sneon 8 april | De spilers fan SDS 1 cheerleade by de follybalfroulju fan COVOS 1! | De Greidhoeke |
| Sneon 15 april<br>om 14.30 | SDS 1 – SJS 1 | De Skoalleseize |
| Moandei 17 april | Aaipop<br>(gjin fuotbalprogramma) | Nijlân |
| Sneon 22 april.<br>om 14.30 | VIBOA 1 – SDS 1 | Winsum(Grins) |
| Moandei 24 april | Trefferkopij ynleverje | Trefferredaksje |

| **Wannear** | **Wat** | **wêr** |
|---|---|---|
| Tongersdei 27 april | Trefferfergadering | De Skoalleseize |
| Sneon 29 april | Keninginnedei<br>(gjin fuotbalprogramma) | Hiel Nederlân |
| Sneon 6 maaie<br>om 14.30 | Holwierde 1 – SDS 1 | Holwierde |
| Freed 12 maaie<br>fanôf 17.00 | Slotjûn D-, E- en F-pupillen | Skoalleseize |
| Sneon 13 maaie<br>om 14.30. | SDS 1 – CVVB 1 | De Skoalleseize |
| Snein 14 maaie | Memmedei | Oeral |
| Freed 9 juny | Start WK fuotbal | Berlyn |
| Sneon 10 juny | Midsimmercup | Dronryp |
| Sneon 1 july | Wâldrock | Burgum |
| Sneon 25 augustus<br>2007 | 60-jierrich jubileum SDS!! | Easterein en<br>omkriten |